



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Konstruksje fan sosjale identiteit yn it Fryske realisme. It betide wurk (1848-1860) fan Waling Dykstra

de Vries, Abe

published in

It Beaken. Tydskrift fan de Fryske Akademy
2019

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

CC BY-NC-SA

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

de Vries, A. (2019). Konstruksje fan sosjale identiteit yn it Fryske realisme. It betide wurk (1848-1860) fan Waling Dykstra. *It Beaken. Tydskrift fan de Fryske Akademy*, 80(3-4), 268-281.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Konstruksje fan sosjale identiteit yn it Fryske realisme It betide wurk (1848-1860) fan Waling Dykstra

Abe de Vries

Summary

Most, if not all, research on identity construction in Frisian literature has focused on the construction of 'Frisian', i.e. national identity. Frisian literature itself is viewed and valued foremost as an artistic expression of national awakening, and, on the other hand, frustration. This still lively, modernist and nationalist tradition tends to neglect most of mid-19th-century Frisian literature as a communicative practice of subaltern groups, in which representations appear that do not promote national identity. A social categorization analysis of the early writings of arguably the most widely read Frisian writer of his day, the realist Waling Dykstra (1821-1914), shows that national identity is submerged in a wide field of social identity construction which challenges dominant representations of country life and the Frisian character, and critically addresses a broad range of themes, including economic, religious and moral ones. Through these texts, 'groupness' is activated by representations of the whole of social reality. Following Gençarella, I present these texts as political acts in a Frisian folk counter culture, aiming to create not only a Frisian national character, but first and foremost a better life.

Ynlieding

Yn de Fryske kultuer- en literatuerskiednis wurde sosjale identiteitskonstruksjes meastentiids socht yn foarstellingen oer de Fryske taal, de Fryske skiednis en it Fryske plattelânslibben. Troch ûnder oaren Breuker¹ en Jensma² is wiisd op de soarch foar en de fersprieding fan it Frysk as sprek- en lêstaal, op noasjes oer de midsiuwske 'Fryske frijheid' en op histoaryske kontrastearring mei 'Hollân' as wichtige boustiennen fan nasjonale of subnasjonale Fryske identiteit. Yn 'e midden fan de njoggentjinde iuw wurdt, sa't Jensma ûnder ferwizing nei Gramsci

-
- 1 Philippus Breuker en A. Janse, red., *Negen eeuwen Friesland-Holland. Geschiedenis van een haat-liefde verhouding* (Walburg Pers, Zutphen 1997); Philippus Breuker, *Opkomst en bloei van het Friese nationalisme, 1740-1875* (Wijdemeer, Leeuwarden 2015).
 - 2 Goffe Jensma, *Het rode tasje van Salverda. Burgerlijk bewustzijn en Friese identiteit in de negentiende eeuw* (Fryske Akademy, Leeuwarden/Ljouwert 1998).

beskreaun hat, in tal romantyske foarstellingen oer de Fryske skiednis en de Fryske frijheid yn in sitewaasje fan kulturele hegemony en dominânsje³ fan de grutte boargerij oernaam troch skriuwers út de nei 1840 opkommende middenklasse en trochjûn oan in meast lytsboargerlik publyk. De ûnderstelling is dat sokke hegemoanyske represintaasjes fan Fryslân en de Friezen it folsleine spektrum oan sosjale kategorisearring foarmje. Dêr is lykwols gjin ûndersyk nei dien; wat de literatuer yn de perioade tusken Joast Halbertsma en Douwe Kalma oanbelanget, leit it ûndersyksfjild foar in grut part noch braak.

Wat yn it Fryske identiteitsûndersyk yn alle gefallen mist, is in teoretyske ferdjipping fan de diskursive konstruksje fan sosjale identiteit. Wol hat in mienskiplike 'belonging' en it ûnderdiel útmeitsjen fan de groep rom omtinken krigen, wat mei in gefolch is fan it oerhearskjende hantearjen fan in Frysk minderheidsideologysk perspektyf. Mar hoe't in sosjale 'agent' makke wurdt troch de wrâld, of sels syn wrâld makket, is net ûndersocht. Myn belangstelling leit dêrom by de konstruksje fan sosjale identiteit, net perfoarst as nasjonaal hearren by, mar as sosjaal hanneljen yn 'e wrâld, yn literêre teksten.

Sa'n 'ynklusive' beneiering past by in moderne definysje fan identiteit yn neifolging fan Benwell en Stokoe, as *selsbyld dat troch identifikaasje yn discours ûntstiet*. Sosjale identiteit is 'a public phenomenon, a performance or construction that is interpreted by other people'. It is in idee oer wa't 'wy' binne, wat 'ús' ferbynt en ûnderskiedt fan oaren. Lykwols is it net in idee dat foar alle tiden fêststiet, mar dat 'accomplished, disputed, ascribed, resisted, managed and negotiated' wurdt, ûnder mear yn teksten.⁴ It potinsjeel ta groepsfoarming, dat wat Brubaker 'groupness' neamt,⁵ wurdt dêrby oansprutsen yn in maatskiplike kontekst en wurdt beynfloede troch politike, ekonomyske, sosjale en kulturele machtsferhâldingen en ûngelykheid.

Sosjale identiteitskonstruksje yn teksten kin bleatlein wurde troch discoursanalyse. It omtinken fan de ûndersiker betrefte dan tekstelementen dy't op kategorisearring⁶ wize troch 'selfing' en 'othering' en it takennen

3 Ib., 24, 26.

4 Bethan Benwell en Elizabeth Stokoe, *Discourse and identity* (Edinburgh University Press, Edinburgh 2006) 4.

5 Rogers Brubaker, *Ethnicity without groups* (Harvard University Press, Cambridge, MA 2004), Ib., *Identity theory* (Oxford University Press, New York 2009).

6 'The central idea of social identity theory is that social structure influences people's actions through the social psychological medium of social identity. That is, ethnic, gender, and class divisions persist not because of inherent characteristics of the members of the different groups, but because those people identify with groups that exist

fan noarmen, wearden en kwaliteiten dy't hearre by de 'in-group' of just de 'out-group', destillearre út wat fertelystânsjes en personaazjes allegear dogge, sizze, tinke, beskriuwe of op in oare wize nei foarren bringe. Kategorisearring fynt plak troch te sjen nei wat in tekst seit oer in sosjaal hanneljende persoan of groep, oftewol de 'aktor', watfoar etiket dy krijt, tink oan loai of dom of swart, it mei wêze ymplisyt of eksplisyt. Kategoryen wurde sichtber yn ûnder mear tsjinstellingen, hannelingen, de ynterpretaasje dêrfan en de evaluaasje fan wat ferteld wurdt. Sosjale kategoryen wurde foarme troch ûnderfiningen en noasjes fan derby hearre, bygelyks op basis fan ras, gender, berop, taal, religy of politike gesindheid. Ut de empiry docht bliken dat nasjonale stereotypen net los sjoen wurde kinne fan oare identiteitsskaaimerken, lykas sosjale hiërgary, geslacht of leeftyd. Ek de teory stelt dat sosjale identiteitskonstruksje yn teksten him ferhâldt ta groeps- en machtsrelaasjes, en de ideologyske ramten sjen lit dy't de ynterpretaasje fan de sosjale realiteit mei bepale.⁷ Bewapene mei dat teoretysk ynstrumintarium haw ik de betide Fryske 'folksskriuwerij' yn it fizier naam. As represintatyf dêrfoar beskôgje ik it fernijende wurk út de jierren 1850 fan de populêre skriuwer, dichter en foardrager Waling Dykstra (1821-1914). Dykstra, in bakkerssoan út Froubuorren, slagge it al gau om fan de ferkeap fan syn literatuer en oar literêr wurk te bestean, as iennichste Fryske skriuwer oait.⁸ In soad fan syn wurk waard mear as ien kear werprinte en wie dêrneist ornearre om foarlêzen, foardroegen en neiferteld te wurden. Oannommen mei wurde dat de sosjale kategorisearring yn syn wurk in relatyf brede fersprieding krigen hat. As begjinpunt fan dizze stúdzje nim ik syn debút yn boekfoarm, de lietebondel *Doaitse mei de Noardske balke* út 1848. De publikaasje fan syn twadde roman, de *Thyl Ulespegel* yn 1860, kin dan sjoen wurde as gearfetting en ôfsluting fan in perioade. Dêrnei begjint de tiid fan Dykstra syn Winterjounenocht-optredens út Holwert wei.

in specific relation to one another. Social stasis or social change reflects people's acceptance or rejection of the relations between these groups.' Dominic Abrams en Michael Hogg, 'Metatheory. Lessons from social identity research', *Personality and Social Psychology Review* 8 (2004) 101.

- 7 Teun van Dijk, 'Social cognition and discourse', yn: H. Giles en W.P. Robinson, red., *Handbook of language and social psychology* (John Wiley & Sons, Oxford 1990).
- 8 Dykstra skreau yn de perioade 1844-1915 mar leafst 11 prosint fan alle Frysktalige literêre teksten dy't ferskynden as selsstannige publikaasje of bydrage oan in periodyk. N.J. de Vries, Fan selskip nei mienskip. *De rol fan Fryske literatuer tusken 1844 en 1915 as ferbinende krêft fan de ta stân kommende Fryske mienskip* (Rijksuniversiteit Groningen, masterskripsje 2015) 29.

Myn ûndersyksfraach betrefte dêrom de sosjale identiteitskonstruksje yn it wurk fan Waling Dykstra út de perioade 1848-1860: watfoar sosjale kategorisearring fynt plak, watfoar noarmen en wearde wurde nei foarren brocht, en hoe en yn watfoar kulturele en maatskiplike dynamyk bart dat? Sosjale kategoryen yn it wurk binne net dreech oan te wizen. Sa stiet it ferheven Nederlânsk praten fan de út Ljouwert ôfkomstige siktaryklerk Hidde Pinnema yn it ferhaal 'De mislearre list' foar pedantery út de stêd: de ferteller neamt it 'it nijmoadrichste stedsk'. In hanneling lykas fan Gealeboer om nei de rispinge syn wurkfolk op in ryk en alkoholfrij heamiel te traktearjen, set him del yn de kategory fan 'goede boer'. Op dy wize binne hjir trettjin bekende en represintative publikaasjes út de ûndersyksperioade besjoen op sosjaal kategorisearjen: trije lietebondels, twa ferhale- en gedichtebondels, twa lange gedichten, de earste fiif dielen fan in yn ôfleveringen publisearre novelle, en in roman (sjoch it literatueruersjoch). Stik foar stik giet it om populêre wurken dy't werprinte binne of in protte lêzen waarden en dy't foar in part ek mûnling foardroegen en troch publyk beharke waarden. Om aansen de útkomsten better pleatse te kinnen, jou ik earst in koarte skets fan Dykstra's betide realisme en it maatskiplik fjild fan krêften dêr't syn teksten yn funksjonearren.

It betide wurk

De doarpermaatskippij dêr't Dykstra's wurk yn ferskynt, en dêr't it gauris nei ferwiist, is dy fan it earste desennium nei de boargerlike oerwinning fan 1848. Sa net, in protte lân bliuwt yn hannen fan (Nederlânsktalige) adel en aristokrasjy en op doarpsnivo bliuwe de boeren en har lânhearen de baas, ek oer it geastlik libben. Yn Provinsjale en Deputearre Steaten bliuwe – nettsjinsteande de herfoarmingen troch de Provinsjewet fan 1850 – kaptaal, keaplju en grutboargerij dominant. De plattelânsekonomy bloeit op nei de crises yn de jierren 1840, mar lang net elkenien profitearret. Der is earmoed en nettsjinsteande de útwreiding fan it sensuskiesrjocht is der ek noch hieltyd in grutte politike rjochteleasheid. It leger ûnderwiis is op in protte plakken net bêst en op it plattelân giet by 't simmer it wurk op it lân boppe skoalle. Op tsjerklik mêd binne der skerpe tsjinstellingen tusken frijsinnich herfoarme en ortodokse protestanten dy't foar sosjale spanningen soargje.

Dizze wrâld is net ôfsletten, benypt of 'provinsjaal': hy is inkeld lytser as uzes. It spoar is der noch net, de diken binne meast noch net ferhurde, de krante ferskynt mar beheind; it deiblêdsegel waard krekt yn 1869 ôfskaft, wêrnei't kranten in stik goedkeaper waarden. Nijs, opinys en byldfoarming reizgen stadiger, mar resonearren ek langer troch.

It is yn de jierren 1850 ûnder mear it Fryske realisme dat bylden oer

maatskippij en minsken troch de buorrens draacht en yn de húskeamers fan de doarpse middenstân bringt. Waling Dykstra is yn dizze tiid de wichtichste grûnlizzer fan it Fryske realisme, in njoggentjinde-iuwske literêre streaming wêryn't – yn ôfwiking fan de romantyk – de deistige werklikheid en de blik op de wrâld fan meast 'gewoane' minsken út de legere sosjale miljeus sintraal stean.⁹ Dy minsken, de lytse boargerij, foarmen ek it grutste part fan Dykstra syn publyk. Yn de Nederlânske literatuer komme om deselde tiid hinne ferlykbere skriuwers as Nicolaas Beets, Johannes Kneppelhout en Jacob Jan Cremer nei foarren. Frysk realisme wurdt yn de nasjonalistyske Fryske literatuerwittenskip fan nei 1915 tradisjoneel, en faak denigrearjend, 'folksskriuwerij' neamd. Sels jou ik de foarkar oan it weardefrije begryp 'Frysk realisme', dat my better brûkber liket foar ûndersyksdoelen. Oars as har Nederlânsktalige kollega's propagearje Frysk-realistyske skriuwers mei har keunst ommers ek altyd mei opset sin – en yn alle gefallen *hoe dan ek* – de emansipaasje en fierdere fersprieding fan har taal. In oar yn it each rinnend skaaimerke fan dizze literatuer is syn oerhearskjende sekundêre oraliteit. Dat betsjut dat in protte teksten skreaun binne mei as doel om, behalve lêzen, ek foardroegen, foarlêzen of songen te wurden foar publyk, dat sawol har literêre foarmjouwing en technyk as har humor, kar fan ûnderwerp en sosjaal engazjearre karakter rekket.¹⁰ Earst behannelje ik no lietteksten en ferhalen, dêrnei gean ik koarter yn op twa lange fersen en in roman.

Lietteksten

'Frisia non cantat', is it sizzen, mar dat kin beswierlik slaan op de jierren 1850. It debút fan Dykstra, *Doaitse mei de Noardske balke* (1848; werprinte yn 1850, 1853, 1858, 1875 en 1879) bringt fan de tredde printinge ôf 28 teksten fan 'sankjes' mei wize-oantsjutting. De opfolger *De boeresjonger* (1857; werprinte yn 1857, 1860 en 1875) hat der 19, en de tredde lietebondel *Mink mei 't oargel* (1860) 22. Alles mei-inoar giet it om 69 lietteksten, dêr't ik tema, fertelynstânsje en oare kategory-skaaimerken fan neirûn haw.

-
- 9 Oer literêr realisme, sjoch G.J. van Bork et.al., *Algemeen letterkundig lexicon* (2012-): 'Periodeaanduiding voor een stroming die doorgaans gesitueerd wordt tussen romantiek en naturalisme, globaal tussen 1830 en 1870.' Foar in oersjoch ferwiis ik nei Toos Streng, *'Realisme' in de kunst- en literatuurbeschouwing in Nederland tot 1875* (Amsterdam University Press, Amsterdam 1995).
- 10 Sjoch foar sekundêre oraliteit yn literêre teksten Walter J. Ong, *Orality and literacy. The technologizing of the word* (Routledge, London-New York 1982). In ynventarisasasje foar de Fryske literatuer fan de twadde helte fan de njoggentjinde iuw jout N.J. de Vries (2014).

Fierrewei de measte teksten gean oer de leafde, mear yn it bysûnder binne it riedjouwingen en lessen oangeande de 'frijerij' yn de jonkheidsjierren, ek wol oer it houlik, bytiden ferwizend nei in te min oan leafde of in langst nei leafde. Mar 8 fan de 69 teksten (6 persint) hawwe in oar tema. Ut Doaitse binne dat 'Fryslân boppe!' (heitelânsleafde), 'De lêste weide' (beleanning nei it wurk), 'It doarpslibben' (leafde foar it bertedoarp), 'Ferverssankje' (earlikheid giet boppe winst), 'De boerestân' (wurdearring foar de boeren) en 'Simmermoarn-sankje' (bliidskip oer de natuer). Ut Mink binne de teksten dy't ôfwike fan de haadtema's 'Fryslân' (leafde foar de Fryske taal en sitten) en 'Selskips-sankje' (oer it belang fan freonskip).

Yn it each rint it relatyf grut tal teksten wêryn't it ferhaal troch in ik-persoan ferteld wurdt, sadat sawol sjonger as taharker/lêzer direkt oansprutsen wurdt, wat har oantrúnt om eleminten út de tekst op harsels te belûken. De teksten meitsje mar 18 kear gebrûk fan in alwittende ferteller en 51 kear fan in 'ik' (mei in pear dûbeltellingen foar de twaspraken). It sekundêr-orale karakter fan de teksten, as lietteksten, fuortsterket dêrby har publykseffekt.

Hast alle lietteksten gean oer de omgong fan in feint en in faam, of in man en in frou, op it mêd fan leafde en relaasjes. Hannelingen binne rjochte op it krijen fan in houlikspartner en reflektearje winske en netwinske gedrach, ge- en ferboaden, noarmen en wearden. Sa binne der it 'opsitten' op sneintejûn, it hawwen fan petear, it willemeitsjen op de merke, it tegearre reizgjen, yn in roeiboat farre of tegearre reedride.

Yn de 51 teksten mei in ik-persoan is de ik-figuer ek de hanneljende, of op in hanneling reflektearjende aktor. Fan de ik-persoanen giet it yn 18 gefallen om in frijer, alve kear om in faam dy't oan trouwen ta is, 9 kear om in net-spesifisearre 'ik', 5 kear om in man, 3 kear om in frou, 2 kear om in boer, en fierder om in doarpsman, in skilder en in arbeider. Yndield neffens sekse wurde teksten 28 kear troch in man ferteld, tsjin 14 kear troch in frou. De 18 teksten mei in alwittende ferteller gean 10 kear (ynklusyf dûbelingen) oer in frijer en in faam dy't inoar fine, 5 kear oer in frijer en in faam dy't inoar net fine of net gelokkich wurde, 4 kear oer in famke en 1 kear oer in frijer.

Fan fierrewei de measte aktoaren wurdt gjin sosjale of ekonomyske achtergrûnjûn. In tal kear is der praat fan in doarpsmiljeu en persoanen út legere sosjale groepen (lytse boargerij: gernier, skipper, skroar, baas), in inkelde kear giet it om in arbeider, in inkelde kear om in boer. Opmerklik is dat aktoaren út hegere stannen net foarkomme. Wol is in tal kear praat fan stânsferskil, meastentiids tusken boeren (heger) en lytse boargerij (leger), in statusûngelykheid dy't út it legere perspektyf wei bekritisearre wurdt. It is dêrom oannimlik dat ek de 'sosjaal anonime' aktoaren ta de legere sosjale groepen hearre.

Wat it tawizen fan noarmen en wearden oanbelanget, hjirby giet it om de kwaliteiten dy't mei groepen en yndividuen assosjearre wurde en hoe't dy kwaliteiten wurdearre wurde. Yn in pear lieten wurde kollektive 'Fryske' kwaliteiten romme, it giet dan om de Fryske sitten (ienfâldich, sûnder blast en opskepperij, rjocht foar de raap, praktysk, men hâldt it by de Fryske dracht), dy't ymplisyt foar as ûnwinsklik beskôge, 'net-Fryske' eigenskippen of gedrach oer set wurde (Frânske kwast, stedske pronkerij, frjemdsin, sucht nei falske skyn en úthiemske idelheden). In liet besjingt de leafde foar de rike en âlde Fryske taal. In inkelde kear wurdt in eksplisite tsjinstelling jûn: it Fryske famke foar de 'grûzelige poepinne' oer, of de frije boer fersus hearskerstypes, dy't oaren foar har wurkje litte, en hannelslju.

Mar de grutte mearheid fan de lietteksten ferbynt positive (nei te folgjen) en negative (út 'e wei te geane) kwalifikaasjes oan yndividuen, har karaktereigenskippen, har oertsjûgingen en har gedrach. De fammen binne rom fertsjintwurdige. Se binne behalve leaf en knap en poezelich ek trou, sedich, stil, nederich, tefreden, earlik, gol, freonlik, blier, woltemoede, lykmoedich, net grinerich, sêftsinnich, kalm en by de pinken. Se ferlieze har deugd en eare net út it each, hechtsje oan har frijheid, hawwe gjin ôfwaaid praat, kinne der op redens wat fan, jouwe net om fersiering, pronkje net, binne net ûnder de yndruk fan flijerij, sizze wat se tinke mar net te gau, rinne net fan de ien nei de oar, folgje har hert, wachtsje op de wiere en frije net om jild.

De feinten of jonge manlju binne like sedich, serieus, iverich, rjocht troch see, plichtsbewust en trou, mar ek iepen, frij, net ferlegen, net sleau, krekt wol dryst en ûnbeskamme, mar net ûnbeskoft en blyn. Se doarre inisjativen te nimmen, ferstean har fak, wurkje hurd en beleanje dêrnei krekt harsels, binne geduldich, stappe net blyn yn in relaasje, gean net ôf op moaiskyn, hâlde har wurd, tinke ûnôfhinklik en slijme mei net ien om der better fan te wurden. Ek sy sykje de wiere leafde en binne net út op losse frijerij. Se litte har net tsjinhâlde troch relaasjeferboaden om stânsferskil of jild. Har ideaal is in húske hiere, wat lân derby, yn frede wenje mei jins húshâlding yn in lokkich houlik.

Ferhalen

It ferheljend proaza yn de betide perioade betrefte de ferhalen yn de populêre bondels *It heamiel by Gealeboer* (1850; werprinte yn 1851, 1853, 1860 en 1879), 'It heamiel by Gealeboer', 'De mislearre list' en 'De hingelmatte', en út de bondel *Winterjounen by Gealeboer* (1851; werprinte yn 1860) 'De betsjoende boeredochter', 'De Sinteklaasjûn', 'De tolfde maaie', 'It geheim yn de bôlekoer', 'In frjemde hoanne op 'e matte' en 'Bakkers Yntsje'. Dêrby haw ik de earste fiif episoades dien út it lange

ferhaal-yn-ôfleveringen ‘De winskhoed fan Fortunatus’, publisearre yn ûnderskate jiergongen (1851-1853) fan Waling Dykstra’s tydskrift *De Fryske Húsfreon* mar noait as selsstannige útjefte op de merk brocht. Dizze fjirtjin ferhalen haw ik ûndersocht op, op ’e nij, tema, fertelystânse en oare skaaimerken fan sosjale kategorisearring.

De ferhalen fan Dykstra binne skreaun om learing en fermeits en hâlde de lêzer, faak mei humor, in spiegel foar: sjoch, sa binne de minsken, en sa soene se better kinne. De neifolgjende tema’s komme oan de oarder. In goede boer sjocht net del op syn wurkfolk mar behannelet it goed en libbet der yn harmony mei (‘It heamiel by Gealeboer’). Stedslju yn in doarp krije it dreech as sy de lokale kultuer net respektarje en har net oanpasse (‘De mislearre list’). Untrou wurdt straf (‘De hingelmatte’). It kwea fan byleauwe bringt gewoane minsken yn ’e problemen (‘De betsjouende boeredochter’, ‘De tolfde maaie’). Mei sleauwe manlju hat elk de gek (‘De Sinteklaasjûn’). Rabje net en oardielje net te gau oer minsken (‘It geheim yn de bôlekoer’). Berou nei sûnden is ferjefenis wurdich (‘In frjemde hoanne op ’e matte’, ‘Bakkers Yntsje’). Sedelike ferbettering fan de minsken is noadich foar in bettere maatskippij (‘De winskhoed fan Fortunatus’).

De helte fan de ferhalen makket gebrûk fan in ik-persoan dy’t it ferhaal fertelt, de oare helte hat in alwittende ferteller. Mar ek de ik-ferhalen út de beide bondels binne yn feite ferhalen mei in alwittende ferteller; de ik-persoan komt dan krekt oan ’e ein nei foarren as dyjinge dy’t it ferhaal fertelt. Ek yn ‘De winskhoed fan Fortunatus’ kombinearret Dykstra beide perspektiven, diskear troch de trúk mei de winskhoed, dy’t soarget dat de ik-ferteller oeral by wêze kin, alles sjen en hearre kin, sûnder sels opmurken te wurden. Dat jout de mooglikheid om tsjinstellingen te presintearjen, bygelyks de mieningsferskillen tusken de twa boer-earmfâlden Wibe en Tsjamme, oer de fraach hoe’t it earmoedprobleem yn de maatskippij it bêst oplost wurde kin. Uteinlik drage beide sels in stientsje by.

Sosjale aktoaren yn de ferhalen wurde hast altyd oantsjut mei har namme en berop of wurksumheid, sadat dúdlik wurdt ta watfoar sosjale groep, troch Dykstra ‘stân’ neamd, se hearre. Yn de 14 ferhalen giet it yn 23 fan de gefallen om in man, 11 kear om in frou. Fan de 23 manlju giet it 8 kear om in boer, 3 kear om in hantwurksman of middenstanner, 2 kear om in keapman, 2 kear om in skoalmaster, 2 kear om in swalker-oplichter, in klerk, in matroas. De sosjale prosessen dy’t dy aktoaren yn gong sette of dêr’t se in rol yn spylje, litte ljocht falle op de *ethos* en binne foar de ferteller oanlieding foar krityske besinning op de moraal, it goede hanneljen yn de ûnderlinge omgong. Sintraal stiet kennis oer en rie oan de minsken. Opfallend binne de sintrale posysje fan it doarp,

de boer en it romme omtinken foar de sosjale rol fan de frou. Bern spylje gjin rol yn de ferhalen, de hegere boargerij en de adel ek net.

De goede boer is sosjaal (net egoistysk): hy is gol, myld, soarget goed foar syn wurkfolk, hat leaver minsken út eigen doarp oan it wurk as ‘poepen of oare frjemde knapen’, jout oan ‘e ein fan de rispinge syn helpers in goed miel, mar gjin drank, en wurdt achte troch syn doarpsgenoaten. Is net wrokkich, wol graach ferjaan, sjocht net del op hantwurkslju, hat it goede foar mei de earmen, is ree om ek sels te helpen de earmoed te bestriden, en hat soarch en omtinken foar de bern. Hy is net útflechtich, net té goed fan fertrouwen en net byleauwich, mar stânfêst en hy falt net samar foar ferliedingen en hy toant berou nei sûnde.

De praktyske hantwurksman is pragmatysk en tinkt net dalik it minste fan de minsken, sjocht net op tsjin rike boeren en is polityk sjoen in man fan de middenwei. De dryste boerefeint doart in goede behanneling fan syn boer te easkjen. De ferstannige frou behannelet har boaden goed as wie it famylje, achtet it hantwurksfolk net minder, hâldt ynkomsten en útjeften yn ‘t lykwicht, wol arbeidzje, jout net om pronkjen, rabbet net, is trou oan har man, biddelet en liicht net, doart oan te stean op moreel goed gedrach fan har man, heit of wurkjouwer, toant berou nei sûnde en soarget goed foar de bern. Fierder moatte ynkommelingen yn in doarp har oanpasse oan de lokale mores, wurdt oerhoer fersmiten en bestraft, mar by de fagant en omswindler kin it by wize fan spot bytiden wat lije.

Gedichten

‘De stiennen ûlebuorden’ út 1852 telt fjouwer dielen, 43 strofes en hast 1800 wurden. Ik stean der hjir wat koarter by stil; in yngeande behanneling fan it fers jou ik op *Fers2*.¹¹ Yn Ingelum hawwe in boer en syn frou mei tsjinstuiten te krijen; se dogge wol har bêst, mar moatte dochs hieltyd mar jild liene en besit ferpânje en no stiet de skuorre ek noch op ynstoarten. De duvel, ‘Hantsje’ neamd, biedt syn tsjinsten oan. De boer is ‘sljucht en rjucht en from’, syn frou ‘kras en himmel’. De ferteller stelt dat de boer ‘om wat idele ear’ mei Hantsje yn see giet. Dy wurdt tekene as in deftich hearskip, mar net suver op ‘e graat; de grutte man dy’t wend is om mei jild te struien en syn sin te krijen. Duvelbanners binne syn helpers. De frou bringt úteinlik útkomst: sy is posityf, listich, wit in soad, is ûnôfhinklik en trochpakkerich, hâldt it oersjoch, bewarret de stabiliteit, fertrout op God en kompensearret de tekoartkommings fan har man.

11 Abe de Vries, ‘Neo-folk as krityk op it kapitalisme. “De stiennen ûlebuorden” fan Waling Dykstra’, *Fers2* 3.19, 26 novimber 2017. Webadres: <http://www.fers2.eu/neo-folk-as-krityk-op-it-kapitalisme/> Krigen 23 april 2018.

It gedicht betref it banke- en ferpânnerskapitalisme, it byleauwe (leauwe yn duvels en duvelbanners) en de man-frou ferhâlding. Hantsje heart yn de kategory fan de rike útsûger dy't libbet fan oarmans ellinde; hy is de kapitalist dy't in part fan syn rykdom oan boeren útlent om der sels better fan te wurden. Opmerklik is dat Dykstra duvelbanners beskriuwt as helpers fan de duvel (yn in tiid dat it leauwe yn de genêzjende krêft fan sokke lju noch lang net ferdwûn wie). Dêrneist falt op dat de frou fan de boer de heldin fan it ferhaal is. Ek dit fers jout in byld fan winsklik (te priizgjen, nei te folgjen) gedrach en ûnwinsklik (ôf te karren, ûnferstannich of ymmoreel) gedrach yn de sosjale werklikheid fan de doedestiidske lêzer.

Haitskemoai's klachten oer de nije moaden út 1859 telt 16 siden en bestiet út in ynliedende proazatekst fan de skriuwer en it eigentlike gedicht, wêryn't de ik-persoan, de 64-jierrige boerinne, mem en widdofrou Haitske, fertelt hoe dreech oft se it hat mei it hâlden en dragen fan har al folwoeksen bern, dy't yn opposysje ta har mem delset wurde. Haitskemoai komt nei foarren as flink, selsredsum, arbeidsum, skrandere, skjin, sparsinnich en útkommend foar har miening. Neffens har dogge de bern tefolle oan pronkjen en útgean en jouwe se tefolle jild út oan ûnnutte saken. Se soe wolle dat de minsken ienfâldiger, nederiger, kloeker en iveriger wienen, dan soenen se grif gelokkiger wêze as dat se no binne en it soe foar de hiele maatskippij ek better wêze as al dat pochen, pronkjen, feestfieren en mear lykje wollen as men is. Mar se kleit net inkeld oer pronkerij en lichtsinnichheid, Haitskemoai bekritisearret ek it egoïsme en se lit sosjaal plichtsbefesjen foar de earmen en de lijerders oer.

Thyl Ulespegel

De Fryske Thyl Ulespegel, of de wonderlike libbensskiednis fan Hantsje Pik, yn twa dielen publisearre yn 1860 en 1862, is de twadde roman fan Dykstra en kin gean foar ien fan de hichtepunten fan de njoggentjinde-iuwske Fryske literatuer. Ek hjir ferwiis ik foar in yngeander behanneling nei in artikel op *Fers2*.¹² It ferhaal wurdt ferteld troch Hantsje Pik, de belangrykste sosjale aktor. Hy is bakkersfeint, letter sels bakker en nei gedachten foar in part in alter ego fan de skriuwer, dy't mei grapmakkerij troch it libben giet en him fan autoriteit en stânsferskil net folle oanlûkt. Elkenien en alles krijt fan him in reis en nimt er dertusken: op it foarste

12 Abe de Vries, 'De friske literatuerkrityk, oftewol it wonderbaarlike leechlizzen fan Waling Dykstra. Case-study: de proto-anargist Hantsje Pik', *Fers2* 1.8, 12 april 2015. Webadres: <http://www.fers2.eu/20150412-de-friske-literatuerkrityk-oftewol-it-wonderbaarlike-leechlizzen-fan-waling-dykstra/> Krigen 23 april 2018.

plak de boeren, mar ek boeresoannen, bakkers, dûmnys, skoalmasters, losse froulju, fjildwachters, frommen, finen. Foar net ien, ek net foar de boppe him pleatsten, stapt er oan kant.

Hantsje Pik (in tradisjonele namme foar de duvel) is net inkeld in liberale geast dy't oer de Fryske greiden waait en de lytse boargerij mei humor op eigen falen wiist, mar hy is ek de subversive bûtensteander dy't de hearskjende oarder, de stânemaatskippij en de pylgers dêrfan begekket. Dêrûnder leit in yndividualistyske hâlding dy't tradisjonele sosjale en morele machtsposysjes ûnderfreget en ûnderwrot. Hantsje Pik is it sân yn de masine, de opstannige lytse duvel yn it sosjale systeem, revolúsjonêr en realist tagelyk, dy't inkeld ôfgiet op syn eigen skerpe ferstân, oardiel en rjochtfeardichheidsgefoel.

Konklúzjes

Algemien steld, ferbynt it korpus troch it brûken fan de Fryske taal, doarpse dekors, eksplisite ferwizingen nei Fryske sitten, en ek troch it oerhearskjende ik-perspektyf, subnasjonale identifikaasje mei sosjaal en moreel winsklik gedrach fan yndividuen út de legere sosjale groepen. Dêrby wurde gongbere, gauris kalvinistyske en boargerlike noarmen en wearden kommunistearre, lykas dat yn hiel Nederlân barde troch bygelyks it Nut. Mar dat wiene net altyd de wearden dy't gouwen yn de Fryske doarpen.

In yn it each rinnende klam yn de lietteksten (yn 11 fan de 69) leit op de winsklike ûnôfhinklikens yn de leafde en it frije kiezen fan in partner. Faam en feint folgje yn de leafde har hert, los fan patriargaal gesach, famyljedruk of konsideraasjes oer ferskil yn leauwe of stân, rykdom of jildwinst. Yn de hegere stannen, by de adel mar ek ûnder boeren, waard dêr yn it midden fan de njoggentjinde iuw yn it generaal noch oars oer tocht.¹³ Charles Dickens makke it arranzjearre houlik om finansjele winst ta ien fan de belangrykste tema's fan syn roman *Dombey and Son* (1848).

13 De trochstreekse houliksleeftyd naam yn Nederlân ûnder ynfloed fan ekonomyske ferwachtingen ta yn de perioade 1800/1830-1845/1855, en dernei ôf, it earst by legere statusgroepen, dêrnei ek by hegere. Koen Matthijs, *De mateloze negentiende eeuw. Bevolking, huwelijk, gezin en sociale verandering* (Universitaire Pers Leuven, Leuven 2001), 193-194. Sjoch ek: Pieter Stokvis, *Het intieme burgerleven. Huishouden, huwelijk en gezin in de lange negentiende eeuw* (Bakker, Amsterdam 2005). Yn boerefamyljes en boargerij mei in eigen bedriuw waard faak krek trouw as de soan it bedriuw oernaam of sels ien begjinne koe. It houlikspatroan yn dizze rûnten wurdt 'agrarisch-ambachtelijk' neamd. E.W. Hofstee, 'De groei van de Nederlandse bevolking', in: A.N.J. Hollander et.al., red., *Drift en koers. Een halve eeuw sociale verandering in Nederland* (Van Gorcum, Assen 1962).

Dy klam op boargerlike ûnôfhinklikens en romantyske wil om it eigen hert sprekke te litten kin klassifisearre wurde as aktive fersetskategory tsjin de wrâld fan 'kaptaal': de macht en de ynfloed fan 'it jild' en othering fia jild as twang- en ferliedingsmiddel. Beide kategoryen, minsken fan it hert foar minsken fan it jild oer, treft men oan yn *Doaitse*: 'De moaiste faam fan Rypstermerke', 'De gouden ring', 'In âld man en in jong faam'; út *De boeresjonger*: 'It roaske en it bijke', 'Mei eigen spot nei bêd', 'Beppe's rie oan Kekke' en 'Simkjens klachte'. Ut *Mink mei 't oargel*: 'Klaas en Oeble Griet', 'De trouwe faam', 'Om 't jild trouw' en 'Frijers-sang'.

Ek de fjirtjin ûndersochte ferhalen en twa fersen ferbine subnasjonale identifikaasje mei de kategory fan de 'ûnbedoarnen': yndividuen út de legere sosjale groepen op de doarpen. De teksten ferbine sosjaal en moreel winsklik gedrach fan de doarpelingen mei it brûken fan de Fryske taal en typearjende doarpse dekors en personaazjes. Sosjale sitewaasjes, karaktereigenskippen en gedrach fan meast doarpse personaazjes binne delset om prominente tema's as earmoede, bedroch, byleauwe, liddichheid en egoïsme te ferbyldzjen nei liberaal resept, gelykheid en moderniteit oanmoedigjend en oerurven macht ôfwizend. Dêrby skrommet de alwittende ferteller net om syn eigen foar- en ôfkar blike te litten; dan wurdt de lêzer bytiden streekrojocht oansprutsen yn de foarm fan in les of gearfetting, sa't yn orale oerdracht de taharker altyd it boadskip wol meikrijt. Ek de *Thyl Ulespegel* is, behalve in lêsbok, in foarlêsbok, wêryn't de fagant en potsemakker Hantsje himsels kategorisearret as low life en frije ûntmaskerer, mei humor, fan hûchelderij, habsucht, bedroch en skynhillichheid.

It noarmstellen en weardetakennen yn it wurk betrefte steefêst it minsk-wêzen mei oare minsken (fóar solidariteit), wêrby't út in ûnderlizzende mar him emansipearjende sosjale groep wei tradisjonele gesachsferhâldingen gauris op it spul set wurde en rûnút ûntkend of ûntmaskere wurde (tsjín ûnderdienichheid).

Sosjale kategorisearring yn de teksten fynt plak troch aktoaren dy't de grutte sosjale ûngelykheid ôfkarre, ferantwurdlikheidsgefoel foar húshâlding en evenminske toane, omtinken hawwe foar de posysje fan froulju, mar ek troch it toanen fan ûnôfhinklikheidsdriuw en misbetrouwen yn formeel gesach en dogma's. It binne noasjes dy't lykop rinne mei wurdearre karaktereigenskippen as humor, earlikheid, oprjochtheid, trou yn de leafde toane, iver yn it wurk sjen litte, wolwollend wêze, rjocht troch see wêze. Kategorisearring as 'othering' rjochtet him by Dykstra foaral op de moreel korrumpearjende macht fan it jild – it is it tiidrek fan it begjinnende kapitalisme – , tanimmend egoïsme yn de maatskippij, konsumpsjedriuw, earmoede, de ynfloed fan de stêd, byleauwe en te gau minsken leauwe. (Der is dêrby wol each foar de

posysje fan de arbeider, mar folle minder foar dy fan de bidler en skoaier, dy't sedelik tekoartsjit en blykber neat oars winsket as ûngelok). Dêr't de stannen langer net it hiele libben bepale, kommunisearret syn wurk alsa it belang fan in 'Frysk' sosjaal en sosjaal-kritysk gedrach, oan de iene kant basearre op lytsboargerlike en kalvinistyske noarmen en wearden, oan de oare kant op liberale, krityske en frijsinnige oertsjûgingen.

De belangrykste oantroffen sosjale kategoryen binne: 'de fereale frijer' giet troch roeien en ruten om by syn leave te wêzen – en it patriarchaal arranzjearjen fan houliken moat út 'e wei. 'De pronkjende faam' is net te fertrouwen – en ek de wrâld moat rede en nut ferkieze boppe moaiskyn. 'De goede boer' hat hert foar syn wurkfolk – en wurkjouwers hawwe de plicht om har wurknimmers goed te behanneljen en te beleanjen. 'De byleauwige boer' is dom – en tsjerken en liedslju dy't it byleauwe gewurde litte of sels befoarderje, binne mandélich oan minsklike ellinde. 'De rike útsûger' tarret op oarmans ûngelok – en de macht fan jild en banken moat oan bannen lein wurde. 'De kwaksalvjende duvelbanner' is in bedrager – en as der better ûnderwiis wie, koene minsken dat sels sjen en har ta eigen heil ûntwikkelje. 'De earne en earlike arbeider' fertsjinnet help – en de maatskippij sjit foar dizze groep oer tekoart. 'De flinke frou' kin, as it bêste stik húsrie, de sitewaasje rêde – en froulju binne lykweardich oan manlju. 'De Nederlânskprater' bringt stedske pedantery nei it doarp – en it moat dien wêze mei it delsjen op, en achterstellen fan, de folkstaal. 'De ûntmaskerjende fagant' libbet fan de ûnnoazelheid fan minsken dy't er by de poat nimt – en in krityske wiisgear (makket net út wa) seit laitsjend de wierheid.

Yn Dykstra's teksten krijt de diskursive konstruksje fan sosjale identiteit stal fia fjouwer superkategoryen: dat binne de Frijer, de Ferteller, de Ferljochter en de Fagant. De Frijer kleemt de autonomy fan it yndividu, de Ferteller definiearret en kritisearret syn sosjale en morele funksjonearjen, de Ferljochter wiist him stikelich it paad fan de Rede, en de Fagant rommet mei humor de tûkelteammen (tradisjonele gesachsstruktueren) op. Op syn minst trije fan dy fjouwer superkategoryen suggerearje in tendins ta subversiviteit en in stribjen nei frijheid, wylst de Ferteller dêrby ek wiist op de yndividuele ferantwurdlikheid dy't frijheid meibringt.

De teksten binne te beskôgjen as uteringen fan opwekjende, dissiplinearjende en normearjende 'artistic communication in small groups', sa't de Amerikaanske antropolooch Gencarella sokke teksten neamt: it giet om populêre literatuer, net inkeld rjochte op humor, romantyk en fermeits, mar ek op it aktivearjen fan de rede yn polityk, sosjaal en talich deprivearre en ûntweitsjende groepen, yn dit gefal yn tsjinst fan in better libben yn it nimmenslân tusken stânemaatskippij en begjinnende

demokrasjy.¹⁴ It binne teksten dêr't de Fryske, minderheidstalige lytse boargerij op it plattelân him yn en mei foarmet ta in sosjale en politike kategory:

A performance of folklore, as an active memorial to common sense and the need for pieties, constitutes 'the folk' as a political category; accordingly, such constitutions may be critically engaged for the sake of the emancipatory, impious, and comic advance of new social imaginaries or the reduction of violence.¹⁵

Oansetten ta sosjale feroaring, wat Gencarella de ferskinning fan 'new social imaginaries' neamt, wurde by Dykstra oantroffen yn de foarm fan in spesjale fertellerskategory: de magyske bûtensteander, ûndersiker en wiisgear (tink oan Diogenes), dy't – ym- en eksplisyt – behalve gedrach fan minsken ek politike, sosjale, kulturele en ekonomyske machtsstrukturen bekritisearret. Dêrby stean net sa lyk Frysk-nasjonale as wol sosjaal-morele noasjes sintraal. De tsjinstellingen binne net op it foarste plak Frysk – net-Frysk, mar sosjaal – asosjaal, moreel – ymmoreel, iverich – loai, earlik – ûnearlik, egoïsme – freonskip, pronkerich – ienfâldich, ensa fierderhinne. Wat konstruksje fan sosjale identiteit oanbelanget, bringt de jonge Waling Dykstra in 'internally-persuasive discourse',¹⁶ oerrinnend fol mei 'tips' dy't liede ta it grutst mooglike gelok foar it grutste oantal minsken.



14 Stephen Olbrys Gencarella, 'Constituting folklore. A case for Critical Folklore Studies', *Journal of American Folklore* 122-484. Spring 2009; 172-196.

15 *Ib.*, 190.

16 M.M. Bakhtin, *The dialogical imagination. Four essays* (University of Texas Press, Austin 1981) 342 ef.